

Oarloch

útbrocht op de Aaipop-CD

lyts boike gappet: hy is slûch
hy moat op bêd, myn bern
hy freget: heit, mei'k earst noch efkes
nei de oarloch sjen?
 en op it skerm fertelt in man
 it safolste bestân
 dat is wer skeind, it giet mar troch
 mei oarloch, moard en brân

Bm	G	Bm
A	G	F#
Em	Bm	
C#7	F#	
B	A	
B	A	
B	A	
G	F#	

kearsang: *o, jonkje wurd do nea soldaat*
 hoe wyld dyn hert ek slacht
 lit dy nea brûke troch in oar
 foar lân, of jild, of macht

D	G	D
B7	Em	
C	D	
C	Bb	A

tink oan dy bern dy't skûlje moatte
yn kelders, nacht en dei
dy freegje skriemend oan har mem:
wannear is dit foarby
 en op it skerm ferskine al
 dy liken op in rij
 de iene jout de oar de skuld
 fan wer in slachtpartij

kearsang:

de lytse bern fan juster
boarten doe noch mei elkoar
mar mei in hert fol hate
sjit de ien no op de oar
 en op it skerm sjoch wy de brân
 oan bommen gjin gebrek
 wa't it meast fernielt, dy hat it wûn
 hoe komt in mins sa gek

kearsang:

lyts boike gappet: hy is slûch
hy moat op bêd, myn bern
hy freget: heit mei'k moarn ek wer
efkes nei de oarloch sjen?